


Maaie 2026



703

Frysk en Frij yn Hilversum

Ôfst : A.R. Koopmans, Lindenheuvel 9,
1217JV Hilversum. ☎ 035 6249624
✉ : kritehilversum@gmail.com

AC100 - #X441T7B#16#1409#



DE TILLE

Fan it Bestjoer oan de leden fan ús Krite Frysk en Frij.

It Keninklik Boun om Utens hat yn Apeldoorn wer syn jiergearkomste hân. Wy hearden oer fierdere ynkringing fan de kriteren yn Nederlân, dat wie net sa moai. Mar der wie ek in soad gesellicheid en de dei waard ôfsletten mei in moai toanielstik.

Wy wolle ek graach wer by mekoar komme en wy wolle jim útnoegje foar in hiel nijsgjirriche middei oer it libben en wurk fan Douwe Kalma. De presintaasje wurdt fersoarge troch ien fan ús leden, de hear Gjalt Zondergeld. Om alfêst in tipke fan 'e sluiër op te ljochtsjen:



Portret fan Kalma troch Andries van der Sloot

Douwe Kalma (1896-1953) wie taalstrider en Frysk dichter. It jier 1915 is yn de skiednis fan de Fryske Beweging in wichtich kearpunt. Yn dat jier rjuchtte Kalma de Jongfryske Beweging op, it begjin fan in folslein nije rjuchting yn de Fryske literatuer en de Fryske taalstriid. Kalma hat mei syn bekinde weitsrop " Fryslân en de Wrâld " fan it Frysk in wiere kultuertaal meitsje wollen lykas it Nederlânsk en mei gelikense rjuchten.

Gjalt Zondergeld

Douwe Kamstra

Útnoeging

It bestjoer noeget jimme derom fan herte út foar in noflike en nijsgjirriche middei op sneon 9 maaie 2026, fan 14.00 oant 17.15 oere.

Wy komme byinoar yn it gebou fan de Bethlehemtsjerke, yn de grutte wykseal oan de Loosdrechtseweg 263, 1215 JV Hilversum.

It programma sjocht der sa út:

- 14.00 oere – Kofje of tee mei in stikje oranjekoeke
- 14.30 oere – **Douwe Kalma troch dhr. Zondergeld**, earste diel
- 15.15 oere – Skoft mei lotsjes ferkeap
- 15:45 oere – **Douwe Kalma troch dhr. Zondergeld**, twadde diel
- 16:15 oere – Drankje en Ferlotting

De tagong is € 10,-.

Foar € 2,50 keapje jo in munt foar kofje, tee, drankjes en wyn. Kofje, ensfh. en oranjekoeke by de tagong wurdt jim oanbean.

Jellie Conradie is der wer mei allerhande boeken foar in **LYTS PRYSKE**.

Dêrneist is der wer it hearlike bakkersguod te keap.

Foarôf bestelle kin by Jan en Alie Koopmans, ☎ 035 – 624 96 24, graach úterlik 5 maaie o.s.

i Tink derom: parkearjen by de tsjerke is net fergees.

Wy hoopje jimme allegearre te sjen foar dizze nijsgjirriche middei fol moetsjen en geselligens!



DE TILLE

Wy freegje jimme mei yngong fan **1 septembar 2026**
ledejild fan €20,- d.p. te beteljen op rekken
nr. **NL79INGB 0000 2422 62** o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum.**

Yn memoriam

In soan fan **Anne Klaassen** die ús berjocht fan it ferstjerren fan syn heit. Op hege leeftiid is Anne Klaassen ferstoarn. De lêste jierren koe hy hieltiid minder sjen. Dat wie ek de reden, dat hy destiids stoppe mei syn oandiel yn it klearmeitsjen fan de Tille. Jierrenlang hat Anne, mei in soad krektens de siden fan de Tille klearsetten foar de drukker. Tegearre mei syn frou Mia kamen se trou nei de krite-jûnen.

Ek **Wiebe Triemstra** is ferstoarn. Wiebe hie de lêste jierren wat krûpsjes en op 23 maart is hy ûnferwacht ferstoarn. Wiebe wie 16 maart fiifentachtich wurden en dat hat hy ek noch fiert. Hy wie mannich jier bestjoerslid fan e krite. Hy wie de man fan it klearsetten, opromjen en alles wat derby hearde. Ek ferkocht hy mei Baukje it bakkersguod.

Wy tinke mei tankberens oan beide mannen werom en winskje de neibesteanden in soad krêft.

Bestjoer:

Foarsitter : Douwe Kamstra, Van Ostadelaan 36, 1213 EK Hilversum
Til. 06 52494869 mail: douwe.kamstra@gmail.com
Skriuwer : Alie-Koopmans-Nieuwland, Lindenheuvel 9, 1217JV
Hilversum. Til. 035 6249624 m: kritehilversum@gmail.com
Ponghâlder: Jan Koopmans – itselde adres as Alie.
